


De Twirre



septimber 2022



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 39e jiergong nr. 3: septimber 2022. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 desimber by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 28 36
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	vakature		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen (oktober: wynmoanne)

Kinne as wyn en bôle - tige goed mei-inoar kinne.

Kleare wyn skinke - planút sizze hoe't de saak der foar stiet.

Allegear wyn en fearren - lege grutskens, skyn.

In bulte fan wyntsje en Tryntsje hâlde - fan drank en froulju hâlde.

“De wyn yn’e holle makket faak in gek yn’e mûle.”

Belangrike data

- snein 27 nov.** Fryske tsjerketsjinst yn de Johannestsjerke yn Tweekelo, Tweekerweg 110.
Oanfang: 14.30 oere.
- jan/febr. '23** Jiergearkomste.
- sneon 4 mrt. '23** Toanieljûn by Vrieler. De Lytse Komeedzje út Drachten mei de klucht “Ik wol gjin oare mem”.
- 16 nov. 2023** It Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier!

Fan it bestjoer

Op sneintemiddei 27 novimber (1e advent) wurdt der wer in Fryske tsjerketsjinst hâlden. It plak is, krekt as eardere kearen: Johannestsjerke yn Tweekelo, Tweekelerweg 110. De fiering begjint om 14.30 oere. Foargongers binne Da. Monica Schwarz en Ds. Siebe H. Hiemstra út Almelo. Nei ôfrin is der wer in gesellige neisit mei kofje en tee. Wa't meiwurkje wol oan dizze tsjinst kin efkes belje mei Monica en Siebe: 0546 - 84 04 84, dan komme wy in kear byinoar om der oer te praten. Fertel ek oan oaren oer dizze tsjerketsjinst, it is moai at de tsjerke fol mei Friezen is!

Troch alle corona-gedoch is it ús net slagge om in toaniel- of kabaretjûn te organisearjen yn 'e hjerst. Yn it foarjier, op 4 maart komt yn Vrieler De Lytse Komeedzje út Drachten mei de klucht “*Ik wol gjin oare mem*”, fan Astrid Baijs en Jan Tol, oerset troch Gurbe Dijkstra.

□ Siebe H. Hiemstra, foarsitter

Famyljeberjochten

Op 22 juli is ús kriteid Aaltje Kramer - Stoelwinder stoarn yn de âldens fan 83 jier. Ali wie de frou fan ús eardere bestjoerslid Gerrit Kramer dy't yn 2015 stoarn is. Ali kaam geregeld nei de kritejûnen en sy gie ek graach mei it kriterieike mei, tegearre mei har freon. Op 2 augustus is Taede Schaafsma út Barchem (earder Neede) stoarn, Taede hat ponghâlder by de krite west. Hy kaam fan Appelskea en wie wiis mei de foto dy't yn maart efterop De Twirre stie. Wy winskje de neibestenden folle krêft ta.

It kritereiske op 6 septimber

Ali makke altyd in ferslach fan it reiske, mar dit jier wie se der foar it earst net by en hat se it ûndertekene frege. Om healwei njoggen stie Siebe ûnder in paraplu mei de Fryske flagge derop, 25 passagiers foar de bekende Dútse bus by Van der Valk op te wachtsjen. Yn de bus begûn er daliks yn mineur: hy woe Grieteke, dy't dizze dei yn inoar set hie, ûntslaan. Want hoe koe dy no in reiske planne krekt op in tiidstip dat it nei moannen droech waar einliks wer reinde! Lokkich, doe't de bus begûn te riden, kaam de sinne der al hast troch en we ha in prachtige waarme simmerdei hân.

Op nei it Museum *De Proefkolonie* yn Frederiksoord; in nij museum, iepene yn 2019. It doarp bestie yn 1818 noch net. Yn dat jier waard de Maatschappij van Weldadigheid oprjochte troch generaal Johannes van den Bosch. Hy wie in fertrouwing fan kening Willem 1 en in idealist. Hy woe wat dwaan tsjin de earmoede yn de stêden nei de Napoleontyske tiid mei in soad bidlerij. Hy woe de minsken in taakomst jaan troch op it lân te arbeizjen. No, ûnder oaren yn it súdwesten fan Drinte lei rûch lân genôch, fean en heide, dat bewurke wurde koe. Yn in jier tiid waarden der 52 stiennen wenten del set,

elk mei 1 hektare grûn derom hinne. Der soe in gesin neffens Van den Bosch syn berekningen fan libje kinne moatte. De stedsminsk dy't dit woene, krigen by oankomst ûnderdak, klean en iten. Se moasten dat letter ôfbetelje. En tsjerken waarden der ek boud. Sa is Frederiksoord yn 1821 ûntstien. Van den Bosch wie syn tiid fier foarút: de bern moasten ferplicht oan 12 jier ta nei skoalle, der waard in "sikefûns" oprjochte en letter ek âldereinhûzen. De bou fan de hûzen wie ek mooglik wurden fia wat wy no *crowdfunding* neame soene: elkien koe lid wurde fan dy Maatschappij van Weldadigheid foar in stoer yn'e wike.

Dit en noch folle mear waard ús ferteld ûnder it kofjedrinken mei lekkere "turven". In posityf ferhaal, yn de praktyk wiene der lykwols ek misstannen. Frederiksoord, Wilhelminaord en Willemsoord wiene saneamde *vrije koloniën*, Veenhuizen en Ommerschans wiene de *onvrije*. Nei dy lêsten waarden asosjale minsken stjoerd om der weropfieden te wurden. En hoe't dat der om en ta gie, ha we op it kritereiske yn 2010 nei Feanhuzen sjoen.

Nei de kofje koene we it museum besjen en belibje. En dan mei in treintsje by de, fansels restaurear-

re, hûskes del nei Wilhelminaoord. En werom ek by no krekt-boude soksoarte hûskes mei in grutte “pûst” del, want wy wolle tsjint-wurdich wol wat mear wenromte ha. Sûnt 2021 stean de Proefkoloniën op de Unesco Werelderfgoed list. Frederiksoord hat yn juny fan dit jier ek in stanbyld fan Van den Bosch krigen, net sa grut en ek wie elkien it der net mei iens. Yn it museum stie doe de lunsj foar ús klear. Dernei mei de bus nei Ossenzijl. Dêr lei in rûnfaart boat foar ús klear foar in tocht troch de Weerribben. De skipper die ferhalen oer it reidsnijen en de natoer en hy tocht ek te witten werom oft de pompeblêden yn de Fryske flagge read binne, wylst we allinnich griene seagen mei giele blommen. De kofje/tee fan it skipperske smakke ûnderwilens goed. Ali hat yn 2011 ek al oer dizze tocht skreaun: in eintsje farren by sa’n kritereiske docht it altyd goed. Wer op de fêste wâl koene we yn it ynformaasjesintrum noch wat



omsneupe en wat te drinken helje. En dan op hûs oan en dat gie wol wat mei in omwei: hielendal oer Apeldoorn, want de dyk by Raalte waard krekt op dat stuit ôfsluten fanwege it opromjen fan in bom út de oarloch. Nei dizze moaie dei binne we feilich en wol om krekt 7 oere wer by Van der Valk oankommen. Siebe hat de sjauffeur en Grieteke der tige foar betanke.

□ Eeke

Bytsje dôf

Twa âldere manlju sitte tegearre op in bankje yn it park.
 “Ik ha in spiksplinternij gehoarapparaat krigen,” seit de iene.
 “It nijste fan it nijste, ik kin no alles goed ferstean.”
 “O, ja? Hoefolle kostet soks no.....?”
 “Healwei fjouweren.”

Olterterp

De Olterterper bosk rinne no fytspaden troch. Ik tink hast dat se der al in aardich skoft lein ha. Der is gâns feroare. Foar fjirtich jier mocht men der al yn. Dat wol. Earst in kaart keapje yn *Het witte Huis*. Gjin fyts mei fansels. Mei in fyts yn 'e bosk, wêr soe dat hinne? It soe de wrâld op 'e kop wêze. Foar wa't sa dryst wie sûnder kaart dy bosk yn te gean, koe 't raar jern spinne. De boskwachters koene gjin genede. Preses en in daging fan it Sweachster kanton. Sa'nien waard swier yn'e boete slein. Dat moast ek. Samar sûnder beteljen yn in oar syn bosk. Dan moast de rjochter wol yn-gripe. Wêr wie oars de ein? No binne der paden. Elk kin mar tafytse fan Olterterp oan Poasenbrêge ta, sûnder saand of maand te wurden. Faaks mar goed dat Harinxma dit net mear belibbe hat. De man hie der wat fan krije kinnen. Dêr is er foar bewarre bleaun. □ Paulus Akkerman"

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Wier (de earste letters fan wille, iten, ein, rûch). No jou ik jimme in rychje nammen fan doarpen en stêden yn Fryslân. Ien derfan heart der net yn thús; dy hat net eat mienskiplik mei wat de oaren wòl mienskiplik ha. As jo it foarige simmernûmer fan de Twirre goed lêzen ha, dan is dat grif net sa moeilik: Earnewâld, Terherne, Langwar, De Lemmer, Starum, Sleat, Harns, Hylpen, Heech, Wâldsein, Snits, Ealahuzen, Ychtenbrêge. □ Eeke

Hjersttinzen (Aafje Miedema - Loonstra)

*Men sjocht de iere hjerst al wer
om beam en struken strunen;
de ripe blêden kleurjend
mei it earste read en goud.*

*En oer de wide fierten bliuwt
sa'n teare dize hingjen
dy't alles
in fersille oansjen jout.*

*Men sjocht de skaden elke dei
in bytsje fierder fallen
en elke jûn wat earder ek
ferlit ús wer de sinne.*

*Troch al dy dingen fielt men faak,
hast sûnder erch, in langstme,
nei dagen dy't al lang foarby
óf faaks noch takomst binne.*

Oersimmerje

Oerwinterje, dat red ik wol op. Mar de simmer..... As de waarmannen begjinne te bearen oer simmerwaar en tropyske temperatueren, sjit ik yn 'e stress. Kjeld kinst dy tsjin klaaie, mar waarmte? De gleone sinne is oeral en fret al myn enerzjy op. Oerdei in koele holle en in boadskip helje yn 'e supermerk, nachts it ferstân op nul en de fentilator op trije. Sa tel ik de dagen en de wiken. Op 'e kapstok lit ik by 't maitiid altyd in pear wanten lizze, dúdlik sichtber. As ik it even net foarinoar ha fanwegen de hjitte sjoch ik nei dy wanten. “Kop op Jantsje, it wurdt fansels wer hjerst.” En op in dei skynt ynienen de sinne moarns betiid net mear yn 'e sliepkeamer. It rûkt krûdich bûten en de kwikkebeien kleurje oranje. De kastanjes wurde dikker en op it âlde hout ferskine de earste poddestuollen. “It is safier,” sis ik optein tsjin myn wanten. “Us tiid komt der oan.” Fleurich helje ik it dekbêd fan de souder, pak myn jas en goai de kop yn 'e frisse wyn.

□ Jantsje Oost

Warkum, de stêd fan de strontrace

“En nou oprotten”’, dat binne de earste wurden dy’t alle jierren opnij it startskot foarmje. Yn de earste dagen fan de hjerstfakânsje is Warkum it toaniel fan trije tradisjonele sylwedstriden: de Strontrace, it Beurtfear en de Fiskerijdagen. De strontrace is in earebetoan oan de skippers fan de 150 tsjalken en klippers dy’t yn it begjin fan de 20ste iuw, mei net mear bemanning as frou en bern, kowedong nei Warmond yn de bollenstreek brochten. De winnaar fan de hjoeddeiske Strontrace krijt in sulveren brijleppel as priis. Mei de Fiskerijdagen wurde âlde fisktechniken wer ta libben brocht. De skiednis fan it Beurtfear giet werom oant it jier 1550 doe’t der in silende feartsjinst foar post en passagiers opsetten waard tusken Warkum en Amsterdam. Alle trije wedstriden wurde sa folle mooglik histoarysk ferantwurde syld. Moderne helpmiddels as motor en GPS binne net tastien. By ûngeunstige wyn mei it publyk helpe om de skippen nei it iepen wetter fan de Iselmar te lûken. Yn it wykein foar de syl- en fiskwedstriden stiet Warkum yn it teken fan Lierliet, in ynternasjonaal festival fan maritime muzyk. Dit jier fan 16 - 20 oktober. www.strontraceworkum.nl

□ Annemarie Bergfeld:

“200 Plekken in Fryslân die je echt gezien moet hebben”

Petie by de “Meisjes van Menko”

Yn maart fan dit jier stie in foto yn’e Tubantia mei dames dy’t eartiids by Menko wurken; ien fan harren wie ús kritelid Petie van IJs. Wy wienen by Petie op’e kofje om der wat mear oer te hearen. Hja wie sechtjin doe’t heit en mem fan Hallum nei Twente ferhuzen.

“Ik wie de âldste fan acht famkes en twa jongens. De jonkjes gienen yn in ierappelbakje de ferhúswein yn. Wy krigen in hûs op Stadsveld. Us heit hie wurk fûn by Menko en myn suster en ik kamen dêr ek. Oan’e Brinkstraat, heit op de ferferien, Jannie en ik yn’e opmaakseal. Ik bin noch bliid dat it net yn it fabryk wie mei al dy masines. Menko makke textyl, moaie stof.”
“Geboaren bin ik yn Blije, mar opgroeid yn Hallum. Doe’t ik trije wie, kamen wy op in spultsje yn Hallum, by de sédyk. It wie yn’e

oarloch, de Dútsers hienen in útkyk achter de pleats, se wienen aardich tsjin ús. Ik mocht wolris mei nei boppe, koest it hiele Amelân lizzen sjen. Ien soldaat makke ek foto’s fan ús: hy hie sels ek in famke fan myn leeftyd, sei er.”

“Heit hie tolve kij en boulân, ierappels, biten. Ik ha it melken leard en holp mei op’t lân, ierappelsykje, yn’t hea fûn ik prachtich. Ik wie leaver op it lân as yn’e húshâlding. Nei de legere skoalle ha ik de ULO dien yn Ferwert.”

“Doe’t de ruilverkaveling kaam is



De Meisjes van Menko mei Petie (lofts) op’e praalwein (1958)

heit ophâlden. Buorkjen wie ek net syn ding. Dat wy soenen mar fuort, nei Amearika, de papieren hienen wy al yn'e hûs. Doe kaam pake op in jûn mei de krante mei in advertinsje fan Menko yn Enschede. Dat is it doe wurden."

"Jannie en ik ha trije jier oan'e Brinkstraat sitten. Doe hienen wy beide ús nocht. Jannie rekke nei Amearika. Ik mei de baas prate, dy die neat, dat ik nei hûs. Mar der wie dochs in oare baan by Menko, op de stalenkeamer oan'e Voortsweg. Dêr waarden de stalen klearmakke dy't nei de winkels gien. Koenen de minsken sjen wat er te keap wie. Menko ferkeape gjin klean, mar der wienen wol coupeuses dy't jurken makken om

te showen. De Meisjes van Menko wienen de mannequins dy't mei dy jurken pronkje mochten, ik wie der ien fan. Fûn ik fijn wurk, hjir en dêr hinne, ek op praalweinen yn'e optocht. En it moaie wie, de jurken mochten wy hâlde. Wy dienen by Menko noch wol mear, sa dienen wy ek mei yn in revue yn'e Schouwburg. Prachtige tiid."

"Dat hat sa'n fjouwer ier duorre. Doe troude ik en dan wie it as frou dien mei it wurk. Dat stikje yn de Tubantia wie nei oanlieding fan in oprop fan it Textielmuseum, se woenen mear witte fan de Meisjes. Ik ha doe reageard en wy ha ek mear âld-kollegaatsjes fûn dy't er sechtich jier lyn by wienen. En sa kamen wy op'e foto yn Tubantia."

Ofskie

*Wêrom krij ik
by de earste en de bêste
bewolke jûn yn septimber
altyd sa'n leech gefoel
krekt as der immen fuort gien is
dy't nea werom komt
en ik fergetten ha
ôfskie te nimmen
omdat ik net tocht hie
dat it wier foarby is
dy moaie simmer.*

Ytsje Hettinga



Op Skylge

Op de dei fan it kritereiske wiene Jan en ik op Skylge. Prachtich waar, dus it wie genietsjen fan it eilân: lekker fytse, see, strân, dunen en it Waad. Fansels sa no en dan even oanstekke mei kofje en cranberrygebak bgl. by de “Bessenschuur” oan de Badwei nei West oan see.

It ferhaal fan de cranberry's op it eilân is dat der ea in oanspield fet mei de beikes fûn is troch in man yn de dunen. Hy tocht dat der wyn yn siet en smiet it fet teloarsteld leech. Op dat plak begûnen de beieplanten letter te groeien en sa kamen de cranberry's op Skylge telâne. De beikes binne read en frij soer en kinne lang goed bliuwe. Se befetsje in soad vitamine C.

Dêrom waarden se yn it ferline wol meinaam op de skippen fan de grutte feart, om *scheurbuik* by de bemanning te foarkommen. Op 18 septimber is de rispinge (oogst) fan de cranberry's op Skylge wer begûn. Sa'n 20 ynwenners plukke de beikes op ferskate plakken yn de dunen oer it hiele eilân hinne. De rispinge wurdt folslein mei de hân dien, mar de eilanners brûke wol in spesjale plukbak. Foar in masjine is it terrein dêr't de beien groeie te rûch mei beamkes, heide en reid. De ferwachting wie wol dat de opbringst dit jier goed tsjin-falle soe. Ferline jier wie in topjier en gewoanlik falt it it jier dêrop dan tsjin. Mar dat is dit kear net sa. Nei it ynleverjen fan de cran-

berry's wurde se droege en skjin makke. Dêrnei geane se nei it fabriyk yn Harns. Der wurdt û.o. sap, sjem, saus en tee fan makke, en dus ferwurke yn ferskate soarten cranberrygebak. De cranberry-produkten binne op it eilân op hiel wat plakken te keap. Mar as dy allegear fan Skylger beikes komme is de fraach. Nei 15 oktober mei elken frij cranberry's plukke.

Oan de Waadkust op Skylge wie fan 't simmer in bysûnder keunstwurk te sjen en te besykjen: “*De Streken*”. Fia in bytsje in wankel



en smelle steiger fan sa'n 150 meter lang, koene je der hinne rinne. It wurk bestiet út in sirkel fan omheechsteande latten fan ljocht hout, dy't mei it feroarjen fan it tij (fan heech nei leech wetter) as in soarte fan knop iepen en ticht geane. As je der hinne rinne is it in bytsje spannend as der krekt in pear oare minsken werom rinnen komme, mar dat rint altyd goed ôf en je ha dan ek daliks even in leuk kontakt mei oaren dy't it wurk op it Waad ek moai of bysûnder fine. Je kinne

ek even op de sirkel sitten gean en genietsje fan de loft en de wetterwrâld fan it Waad. It wurk is opboud oan 'e dyk by Oosterend fan 16 juny oant 16 septimber. It is de bedoeling dat it monumint jierliks te sjen is yn de simmer. It is in ûntwerp fan Marc van Vliet. De Streken is in earbetoan en oantinken oan Joop Mulder, de grûnlizzer fan Oerol. Hy stoar op 10 jannewaris 2021. Syn motto wie "As je net bang wurde fan je dreamen, binne se net grut genôch". □ Ali

Bij see sien

At-y syn nocht fan alles hat, wou Norbert by see sien. Sont-y in Amsterdam weunde had-y twee mooglikheden. Hij gong na Wijk aan Zee of Bloemendaal; of hij sag op 'e dyk in Durgerdam 't Iselmeer over. At-y gyn nocht hat om 'n eand met de auto te rijden, fytste hij na Durgerdam. Op 't punt der't 't Iselmeer over gong in it IJ ston-y dan over 't water te kiken. Recht voor 'm laai IJburg dat 'm hyltyd meer útbraide. Rechts fan 'm worde 't Iselmeer teugenhouwen deur de Oranjesluzen. Achter de sluzen begon it IJ. In it Búten-IJ, 't water foor de sluzen, ferdween de Seeburger-tunnel. Feerderop kwam de ring om Amsterdam weer boven de grônd. Der kwam 't soezen fan it snelferkeer weg.

Op 't plak der't Norbert ston was dat dúdlik te horen. It soezen gaf 'm in gefoel fan rust, 't idee dat-y midden in 't leven ston, midden in de wereld. Dat waar mar soa'n idee, mar 'n idee dat belangryk foor 'm waar.

't Waar toegelyk it ferskil met bij see sien op 't Bildt of bij Bloemendaal. Dêr hoorde hy 't soezen fan de minsewereld niet. In Bloemendaal hadden je 't roezen fan de see en de wyn, in de Westhoek 't kriteren fan de feugels en 't blaten fan 'n skaap en ok it roezen fan de wyn. Op beide plakken waar-y ferbonnen met 'n netuurwereld. 't Waar niet so dat-y sonder een fan de twee werelden kon of wou. Baide had-y norig om in balans te bliwen. De netuurwereld brúkte hij om lichaamlik tot rust te kommen, de minsewereld om geestlik rust te finen. □ Hein Jaap Hilarides (Yn it Bildtsk)

Fytse troch East-Dongeradiel

Krekt foar de hitegolf yn augustus wie it moai stil waar mei in oan-gename temperatuur. Ideaal waar foar in fytstocht yn it noarden fan Fryslân. Yn de krante hie’k wat lêzen oer in flaaksrûte dêr. No, der wie it no te let foar: it flaaks (mei syn lyts blau blomke) wie allang útbloeid. Lykwols, der wie yn **Ie** in museumke oer it ferbouwen en ferwurkjen fan flaaks: it Braakhok. Dat like ús wol aardich ta as startplak fan ús tocht. Wol spitich, dat je yn **Ie** gjin kop kofje keapje kinne, dus fyts fan’ e auto en daliks op ’e trapers nei it noardeasten, nei **Esumasyl**. Dêr komt de Suderie yn de Lauwersmar út. Der leit al fanôf 1672 in spui- en kear slûske en oer dy slûs leit in kreas ûnderhâlden flapbrêge út 1901. De slûs is yn 1930 renovearre en doe is der ek in elektrysk ge-maal boud, *Dongerdielen* neamd. Dy slacht no automatysk mei trije grutte pompen oan, as it wetter op in bepaalde hichte stiet. Doe fytsten we fierder nei it noarden by de Lauwersmar del nei **Esonstad**, in “doarp” sûnt 2007 fan 144 fekânsjewenningen yn “âld-Fryske” styl. It leit flakby **Oostmahorn**, de Fryske namme derfan is **De Skâns** en dat hie ik oant no ta nea witten. We gean dan nei **Anjum**, **Peasens** en **Modder-**



gat. Dêr dan in ein by de Waadkust del. En fansels wurde je dan herinnere oan it drege fiskersbestean yn it ferline. In museum, ûnderbrocht yn 4 fiskershûskes, lit ús it sjen. Ien ferhaal bliuwt my by: in fisker hie soms gouden ringen yn syn ear, omdat hy tocht, as hy op see ferdrinke soe en syn lichem earne oanspiele soe, hy dan dochs in fatsoenlik grêf krije soe, dat dan mei dy ringen betelle wurde koe. De dea wie altyd tichtby. Der stean dan ek twa monuminten op de Waaddyk dêr: In tinkstien fan de ramp yn 1883 (doe’t 83 fan de 109 fiskers op see omkamen) en in byld fan in fiskersfrou mei bern fan de notiidske keunstner Hans Jouta út Ferwert. En dan fytse we wer it wide iepen fjild yn, nei **Easternijtsjerk**. It nôt



is no al fan it lân ôf, de ierdappels foar in grut part ek, sûkerbiten sjogge je hast net mear, mar ta myn ferwûndering wol grutte fjilden mei reade koal! Dan fia **Nijewier** en **Mitselawier** komme we, nei lyts 30 km, wer yn **Ie**. En Ie is in foarbyld fan in autentyk terpdoarp. Tsjerke mei tsjerkhôf op’e terp mei in strjitte mei âlde hûzen derom hinne, De Omgong. By elk hûs stie in beskriuwing fan

de froegere bewenners. By in paad nei de terp stiet dan It Braakhok, in tige tagonklik museum: it is yn 2018 hielendal fernijd; alle dagen stiet de doar de hiele dei iepen en de tagong is fergees. It giet oer it hiele proses fan it siedzjen oant it weven fan lapen linnen en hoe’t dat yn it Noarden fan Fryslân ear-tiids gie. Dat wie dan wer in noflikke dei yn Fryslân.

□ Eeke de Boer

Tsjoenderij

Boer mei soan foart earst yn’e grutte stêd. Yn’t winkelcentrum. In muorre fan ien grutte spiegel. In âld wyfke giet der op ta. De muorre skoot as fansels in eintsje iepen, frou deryn, muorre slút wer. Tsjoenderij, mient de boer. Ljochtjes mei sifers: 1, 2, 3, ensf. Dan telt it wer werom. De muorre giet wer iepen en in kreaze jonge frou stapt der út. De mûle falt him iepen, hy sjocht har nei en seit tsjin de soan: “Helje jim mem!”

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Nijs út Fryslân

Fierljeppen. Friezen fierljepten ek al yn de Midsiuwen. Yn dy tiid wie in polsstok net allinnich in middel om oer in sleat te springen, mar ek in wapen. Yn it depot fan it Frysk Museum binne koarlyn resten fûn fan dizze polsstokspearen (“Kletsie” neamd). Oan de hân fan de fynst is in replika makke. Dizze is in skoftsje lyn test troch Ysbrand Galama, Nederlâns Kampioen Fierljeppen. It Fries Museum hat fjouwer Kletsie-footsjes. Dy ûnderstikjes binne fûn by kanalisearing fan de Tsjonger. De ûnderstikjes fan de polsstokspearen binne te sjen yn it Frysk museum by de tentoanstelling “Vrijheid, Veten en Vagevuur; de Middeleeuwen - het Noorden”.

Piet Paulusma. Waarman Piet Paulusma hat postúm in priis krigen foar syn wurk by de SKS, Sintrale Kommisje Skûtsjesilen. Yn in folle feestintente op de slotjûn fan it kampioenskip naam Piet syn twillingbroer Lume, ûnder in steande ovaasje fan it púbyk de priis yn ûntfangst. Piet krige de Wurdearringmedalje, dy’t útrikt waard troch Kommissaris Arno Brok. Piet wie jierrenlang alle dagen foar de SKS yn ’t spier, altyd belangeleas.

Walrus Frija. Ferline jier brocht walrus Frija in besite oan Harns en it Waadgebiet. Dizze simmer swom se by Oslo en fernielde dêr boatsjes en steigers yn de jachthaven. Mar se luts ek in soad taskôgers oan. Se wie in attraksje wurden yn Noarwegen hoewol’t de oerheid oproppe hie om har mei rêst te litten. Uteinlik is troch de Noarske oerheid besletten Frije dea te meitsjen omdat it bist te folle stress krige troch de minsken. Der wurdt no jild ynsammele foar in stânbyld fan Frija.

Rampjierren betocht. Mei in fytstocht, lêzingen en in tentoanstelling yn Wolvegea wurdt de Fryske wetterliny betocht. De betinking draait om de jierren 1672/73, ek wol bekend as de rampjierren. De biskop fan Múnster, Bernard van Galen, “Bommen Berend”, besocht doe de Stellingwerwen yn te nimmen. Dat slagge net. Heech wetter yn de Tsjonger en de Linde foarkaam dat it grutte leger fan Bommen Berend de provinsje binnenfoel. Mar it soarge wol foar in grutte ravaazje. Yn de tentoanstelling is omtinken foar fynsten út dy tiid en de fytstocht fertelt it ferhaal. It hichtepunt fan de betinking is ein septimber/begjin oktober. De Fryske wetterliny bestie út ferskate skânsen op strategyske trochgongen achter de Linde en de Tsjonger yn de Stellingwerwen en rint fan Silkeboarch oant Fryske Peallen. Dêr waard de hiele boel ûnder wetter set. □

Resept

Cranberrysaus

200 gram cranberry's; 75 gr sûker; 1 sinaasappel; 1 borrelgleske port; 1 kanielstokje; 4 krûdnagels; 3 ytl. gimbersiroop.

Raspje de skyl fan de skjinbjinde sinaasappel mei in fine rasp boppe in panne oant al it oranje der ôf is. Foaral net it bittere wite dat der ûnder sit meiraspje. De sinaasappel no útparse. It sap yn de panne tegearre mei alle oare yngrediïnten, op it gleske port nei. Oan 'e soad bringe en mei it deksel skean op 'e panne 15 - 20 minuten sêft sudderje litte oant hast alle de beikes ferdwûn binne. Kaniel en krûdnagels derút fiskje. Krekt safolle port troch de kompôte rierde oant de winske sausdikte berikt is. Lekker by wyld of oar feestlik fleis, mar it kin ek by bakte tsiis (camembert) of oer de pudding.

□ út "Het grote zónder pakjes of zakjes kookboek".

N.B. By de Lonneker Molen yn Lonneker kinne je bakmoal keapje foar cranberrycake. Yn it moalmingsel sitte lytse stikjes cranberry. It resept stiet op de pûde. Slagget altyd!

Tiden hawwe tiden

In feekeapman, sa fan 'e merk, gie om in bakje kofje nei it Oranjehotel, dat wie om 'e hoeke tsjinoer it stasjon. By de kofje kaam in bryfke:

"Uw bezoek wordt niet gewenst."

De man dronk syn kofje, rôp de ober en betelle mei in bryfke fan tûzen. De ober waard read om 'e holle en sei dat er dêr net fan werom hie.



Boekenijis

It Bûsboekje foar 2023. It Fryske bûsboekje is de iennichste Fryske aginda. Je kinne der einliks net sûnder! It tema is dit kear: *Dream en winsken*. Utjefte fan De Ried fan de Fryske Beweging. Te bestellen by de Afûk. *Priis: 8,25*.

Ska(r)l - Ferhalen út myn lytse Súdwesthoeke, Ids de Roos. Sân pleatsen, in hûs en in klokkestoel, grutter as dat is Skarl net. Ids de Roos wie bliid dat er it as jonge fan 18 efter him litte koe. Fyftich jier letter skreau er der in boek oer. It grutste part fan de ferhalen bestiet út persoanlike oantinkens fan de skriuwer. Oer it boerewurk, wa't er mei negoasje oan'e doar kamen en oer middenstanners dy't fan moarns ier oant jûns let skrepten foar in stikje brea. *Priis: 20,00*.

De ynfaller, Koos Tiemersma. Om de pear wike foar in oare klasse mei folslein ûnbekende bern. Yn'e jierren tachtich, in tiid fan hege wurkleazens ûnder ûnderwizers, is it mannich begjinnend master en juffer oerkommen. Koos Tiemersma hat sels fjirtich jier oan deselde skoalle foar de klasse stien. Yn de tachtiger jierren waard o sa besunige op it ûnderwiis, de salarissen waarden ferlege, wêrtroch hiel wat minsken út it ûnderwiis ferdwûnen nei oare sektoaren dy't better betellen. *Priis: 19,95*.

De 13 fan Obe Sjutsje, Mechtilde Postma en Goaitsen van der Vliet. Se wiene kreas fan uterlik, de measten koene goed leare en ek op it iis hearden se ta de bêsten. Mar der wie wat mei de trettjin bern fan Obe en Sjutsje Postma fan de Sânfurderrypp. In grut oantal fan de bern út dy grutte húshâlding waarden opnommen yn in tehûs doe't se in jier as tweintich wiene en oaren moasten sa no en dan foar koarte of langere tiid fuort. Se wiene wolris wat yn'e war. *Priis: 24,95*.

De Fries, Erik Betten. Yn dit boek besiket Erik Betten om djipper troch te kringen yn de Fryske identiteit. Want wannear is men in echte Fries? Moat men dan Frysk prate kinne? Wat makket soks eins út? En is in echte Fries altiten nochter en koppich? Dy en oare fragen komme op it aljemint yn dizze prikkeljende syktocht nei it Frysk wêzen. *Priis: 19,50*.

Als een god in Friesland, ferskate skriuwers. De moaiste ferhalen oer jeugdherinneringen, kuiers, leginden en folksferhalen út Fryslân. Nederlânstalich. Skriuwers û.o. J.M.A. Biesheuvel, Godfried Bomans, Rinus Ferdinandusse, Oek de Jong, Jacques Gans, Koos van Zomeren, Gerrit Krol en Rink van der Velde en oaren.

Priis: 20,00.

□ Ali Bonhof

Witte jo dat

- Der yn augustus al wer simmeriis op Thialf lei? De topreedriders koene al wer trene op Thialf, wylst de bûtentemperatuer sa tsjin de 30 graden wie. De kosten foar de enerzjy wiene 30.000 euro per wike.
- Ultrasporter Stefan van der Pal út Ljouwert yn ien wike yn augustus trije kear de alvestêdetocht dien hat? Swimmend, fytsend en rinnend.
- It skûtsje fan de Lemmer, mei skipper Albert Visser, dit jier kampioen wurden is by de wedstriden fan de SKS? Op eigen wetter kamen de Lemsters as earste oer de streek en koene letter net mear ynhelle wurde.
- De 169de PC op 3 augustus op it Sjúkelân yn Frensjer wûn is troch it partoer Tjisse Steenstra, Renze Hiemstra en Hans Wassenaar? Tjisse is útroppen ta Kening, de sulveren bal wie foar him. It wie syn earste PC.
- We yn Twente ek skûtsjes ha? Se hjitte hjir zompen. En fanút Rijssen, Enter en Hellendoorn kinne je as toerist in tocht oer de Regge meitsje mei nije, troch frijwilligers neimakke soksoarte skippen.
- It doarpke Finkegea by Wolvegea in bysûnder tsjerkegebou hat? De fan âldsher Herfoarme tsjerke hie gjin toer mear, mar in Finkegeaster seach op in bedriuweterrein in ôftanke tsjerketoer fan in Katolike tsjerke lizzen. Wol wat in oare stijl, mar dat dearde de ynwenners net.
- Der no 35 trijetalige basisskoallen binne yn Fryslân? Wol fersuchte de ûnderwiisadfiseur by de útrikking fan it sertifikaat yn De Westereen: “De measte Friezen binne noch hieltyd analfabeet yn har eigen taal.”
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De foarige kear hienen wy it tsjerkje fan Sondel yn Gaasterlân, Eeke hie dêr west.

Tee yn Moddergat

Myn frou en ik wiene yn Fryslân, wy setten ús auto yn Wierum by de seedyk del en gongen rinnend oer de seedyk op paad. Prachtige útsichten oer it waad en de oare kant op oer it Fryske gea. Genietsje! Nei mear as in oere rinnen kamen wy yn Moddergat. We hiene sin yn in kopke tee, mar alles wie ticht op moandei. Wy fregen in frou dy't yn har tún oan de gong wie: “Witte jo in kafé?” “Nee,” sei hja, “alles is hjoed ticht! Mar kom hjir mar sitten, ik set wol efkes tee.” Wy ha fijn by har yn 'e tún sitten, tee mei in stik koeke derby, hearlik! En doe wer fierder oer Nes werom nei Wierum. Dit wie écht Fryslân!!

□ Siebe Hiemstra

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

